

De sintrale

útbrocht op de LP/CD Frustraasjebloes

Opendyk van Veen dy hie in prachtich plan
Van Krevelen dy wie al gau syn man
de gemeenteried dy die gjin kar
en no ha wy sa'n sintrale oan 'e Burgumermar

kearsang: wy bale, fan dy sintrale
 no is foar toan ús hiele mar bedoarn

no stiet hjir dat grutte stroomfabryk
in mûnster fan beton gelyk
wy hiene dat ding net nedich hân
want de stroom giet dochs nei grinzerlân

kearsang:

op it wetter is de wrâld sa wiid
it sicht is rom en de minsken bliid
mar no stiet dat ding hjir grou en grut
en 't is krekt oft de mar folle lytser wurdt

kearsang:

it wetter is ek frijwat lij
de fisken driuwe der mar wat by
in fiskerman is samar klear
want fangt er in fisk, dan is dy al gear

kearsang:

en friest it winters noch sa fel
wolst op redens de mar ris del
dan skrillesto al gau tebek
want de burgumermar is ien grut wek

kearsang:

hoe reitsje wy dat ding hjir oait wer kwyt
wa hat in lading dynamyt
twa triedsjes der oan en dan in fonk
en.....

kearsang:

© Doede Veeman